

Oan de leden fan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân
Postbus 1
9100 AA Dokkum

Us merkteken: 2025-084575
Behannele troch: Dorien Hamstra-
Donderwinkel
E-mailadres: d.hamstra2@noardeast-
fryslan.nl
Datum: 20 maaie 2025
Taheaksels:

Underwerp: Wenplakbegjinsel

Achte ried,

Op 28 maart 2025 hat mefrou M. van der Staal Riedslid fan fraksje S!N oer it wenplakbegjinsel fragen stelt. Yn dizze brief jouwe wy antwurd op dy fragen.

Fraach 1: Hoe wurde der op trajekten fanút de Jeugdwet dêr't it wenplakbegjinsel fan tapassing is ôfspraken makke?

Antwurd: Dit is wetlik fêstlein. Wy folgje it stappeplan sa't te sjen is yn de bylage: "stroomschema-WPB (WoonPlaatsBegjinsel)- jeugd".

Fraach 2: Yn hoefiere slagget it de gemeente Noardeast-Fryslân om trajekten (dêr't it wenplakbegjinsel op fan tapassing is) fanút de Jeugdwet, yn rekkening te bringen fia it iJW en op hokker termyn slagget dat? In gemiddelde termyn folstiet wol.

Antwurd: Yn begjinsel wurde alle trajekten ferrekkene binnen de stelde terminen troch it iJW (iStandaard om kliïnten yn alle fazen fan de Jeugdwet-keten te folgjen, mei oare wurden: "het berichtenverkeer"). Dêr't dit net slagget is der sprake fan in DVO (TsjinstFerlingingsOerienkomst Jeugd) en binne der ôfspraken makke oer fakturaasje.

Fraach 3: Binne der yn de gemeente Noardeast-Fryslân mear maatwurktrajekten fanút Soarch en Underwiis, neist Piter Jelles! mpulse, dy't net yn rekkening brocht binne by oare gemeenten wylst dat fanút it wenplakbegjinsel wol kinne soe?

Antwurd: Ja.

En yn hoefier is der dêrby sprake fan ryksfinansjiering?

Antwurd: It diel fan de kosten wat yn kalinder-jier 2024 betelle waard út NPO (Nationaal Programma Onderwiis) en / of Versnellingsagenda wie sa'n 20%.

Fraach 4: At dit it gefal is (sjoch fraach 3), om hoefolle trajekten giet dit dan en om watfoar bedrach giet dit yn it gehiel oer at je sjogge nei de jierren 2022, 2023 en 2024?

Antwurd: It giet om ûngefear 50% fan de bern dy't op skoallen sitte wer't trajekten rinne. Sjoen nei de oantallen bern yn skoallejier 24/25 giet dit ûngefear om in bedrach fan sa'n € 429.997. Yn 2022 is it wenplakbegjinsel feroare. Wy kinne as gemeente oant 1 jier werom jild foarderje fan in oare gemeente. Dit

sille wy dan ek noch dwaan. Foar de jierren dy't komme binne al ôfspraken makke mei de oanleferjende gemeenten. Eltse gemeente sil foar it nije skoallejier (25/26) op'e hichte brocht wurde hoefolle en hokker jeugdigen yn ús gemeente nei skoalle gean en dêr gebrûk meitsje fan ien fan ús projekten dy't betelle wurden út " Soarch, Underwiis en Berneopfang ". Foar dizze bern sil in rekken stjoerd wurde. De kosten dy't ús gemeente no makket, sille dermei sa'n 50 -55% leger wurde.

Fraach 5: Binne der mear trajekten dy't net fakturearre binne, fanút de Jeugdwet dêr't it winskbegjinsel op fan tapassing is? (Wy doele dan op trajekten fanút de Jeugdwet algemien en net spesifyk soarch en underwiis).

Antwurd: Nee

Fraach 6: At dit it gefal is, om hoefolle trajekten giet dit dan en om watfoar bedrach giet dit yn it gehiel at je sjogge nei de jierren 2022, 2023 en 2024?

Antwurd: net fan tapassing

Fraach 7: Wat binne de swierrichheden at it giet om ôfspraken te meitsjen oer it fakturearjen fanút it winskplakbegjinsel yn de Jeugdwet?

Antwurd: Dêr binne gjin beswieren, sjoch " 5 b Memo woonplaatsbeginsel 2024 ".

Fraach 8: Hokker saken rint it kolleezje tsjinoan by it útfieren fan it wenplakbegjinsel en it fakturearjen oan oare gemeentes oangeande dizze útfiering fan de Jeugdwet?

Antwurd: Der binne gjin saken dêr't de gemeente tsjin oan rint by it hantearjen fan it Wenplakbegjinsel as it giet om trajekten yn it ramt fan de Jeugdwet yn syn algemienheid. Fragen oer tapassing fan it wenplakbegjinsel wurde ôfhannele konform de stelde lâns - en regionale ôfspraken. Sûnt de ynfiering fan it wenplakbegjinsel per 1 jannewaris 2022 hat der gjin sprake west fan efterstallige faktueraasje wat ynfloed hân hat op de begrutting.

Heechachtsjend,

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,

H.J.C.M. Verbunt, MBA
Sekretaris

mr. J.G. Kramer
Boargemaster